

# Doarps- en streekbelang It Heidenskip

## *Jieroersjoch 2012*

Nei de foarige jierfergadering waard us foarsitter Mellius Kramer opfolge troch Ype de Boer dy 't al vice foarsitter wie. Arjen Kampen kam yn it bestjoer en is no vice foarsitter.

Ype waard direkt al yn it djippe gooit, omdat we treie wiken foar de reuny fan alt Heidenskipsters it bericht krigen dat de keniginne op wurkbeside kaam yn de gemeente SW Fryslân en yn It Heidenskip it fierljeppen sien woe en Ype as foarsitter fan de reunykommisje en fan it doarpsbelang tegearre mei Hindrik Haanstra har unfange mocht. Ma sa 't de measten fan jim sjoen ha: it gie allegeare best. Se hat doe fest tocht: "foar dat ik er mei ophâld wol ik noch in kear nei It Heidenskip ta.

### *Wêr binne wy it ôfrune jier mei dwaande west?*

As bestjoer binne we seis kear byelkoar west. Yn dy seis kear binne de folgende saken oan de oarder west:

#### - *It fytspaad langs de Heidenskipsterdyk.*

It ferkear wurd hieltiid drokker, foaral grutte frachtweinen, landbouferkear en auto's dy t' faak te hurd ride. Dit alles makket it fytsen nei Warkum of Koudum soms gefaarlyk. Howol de gemeente seit dat foar in fytspad de earste fiif jier gjin jild is, gean we dochs fjidder mei plannen meitsjen, lobbyen by politieke partijen en it siekjen nei moagelikke oare jildbronnen. *Yn it gemeentelike ferfier- en wegenplan* stiet dat de Heidenskipsterdyk in tagongsdyk is en dan dus automatysk in 60 km dyk wurd.

#### - *Hûsnummers:*

Yn it bûtengebied binne de neie hûsnummers pleatst, foaral yn it tsjuster is dit noflik foar minsken dy at jirre net bekend binne, mar ek yn needgefal is it handich. We jirre der positieve glûden oer.

#### - *Bermen:*

De gemeente pakt de bermen oan wanneer de dyken oan de noardkant fan de Fluessen klear binne. Ek de Koaidyk stiet dan op de list.

#### - *Takomst fan de skoalle:*

Yn it earst soe de skoalle slúte moatte yn 2013. Dit is yn earste instansje fan de baan. Feit bliuwt dat der weinig leeringen binne op it stuit en yn de nabye takomst. Der bliuwt slúting driegjen. Der wurd no nei sjoen om leeringen fan "búten of" nei de Brêge te krijen event. yn kombinaasje mei benneopfang en miskien kontinue roaster. Plannenmeitsjen deroer giet troch yb 2013.

#### - *reuny:*

Hoewol de opkomst wat leger wie as we hope hiene, wie it in moaie reuny, mei as ekstra it besyk fan de keniginne.

Ek it stik fan de tonielferieniging 'Yn it oare fel' foel yn 'e smaak. Der wie in ekspositie fan heidenskipsters en âldheidenskipsters keunstners en ek it waar wurke mei. Sneon it doarpsfeest wat ek in sukses wie en snein waard nei de tsjinst yn 'e tinte for de trêde kear it tonielstik opfierd.

#### - *Ynwenners:*

We brochten ienkear in besite by in neie ynwenner.

It ynwennertal wie per 01-01-2013 182 manlju en 166 froulju.

- *Doarpsfisy:*

In groepke ynweners is dwaande mei it oanpassen fan de doarps fisy.

- *Rinpaden:*

Ek der is wer in byienkomst oer west. Feit is wol dat der net folle boerelânpaeden komme omdat it ryk de fergoeding foar de boeren ynlukt hat en provinsje en/of gemeente dit net oernimme wol of kin. Paden op grûn fan Fryske Gea of natuerbeskerming kin soms wol brûkt wurde.

- *Kanoroute:*

Inkele initiatiefnimmers fan de kanoferieniging en de plaatselike belangen Warkum en Koudum en doarpsbelang It Heidenskip bin dwaande mei it ferbetterjen fan kanoroutes. Jir en der batten wat heger, in steiger wer at de kano yn en út it wetter kin en ek better hekkeljen fan de route.

- *Oerlis mei de wethâlder 26-11-2012:*

Ien kear yn it jier is der oerlis mei wethâlder Sinnema. It ferslach fan dit oerlis is hûs an hûs rûnbrocht.

- *Bûtendyks lân by de Skar:*

Nei it ferheegje fan de polderdyken lâns de Fluessen is by de Skar ek it plak wer at destiids de Wolvetinte stien hat weromm foen. Nei de fergadering heare we der mear oer fan Fouke de Vries en Auke Bult.

*Doarpsaktiviteiten:*

Ta beslút noch in greep út de doarpsaktiviteiten fan ofrûne jier:

06-05-2012 Waard it restaureerde oargel we yn gebrûk nommen.

12-07-2012 De bern fan 'De Brêge' foerden in musical op.

29-07-2012 N.F.M. manifestasy mei as thema Ingelân yn it kader fan de Olympische spelen.

23-08-2012 'It Lekje' organiseert keatswedstriiden.

Nest it Fierljeppen en Toulûken hawwe wy jir dus no ek keatsen.

25-08-2012 Oene Galema waard huldige en letter yn it jier waard er keazen as sporter fan it jier op it sportgala Fryslân.

15-10-2012 Hie Minke Adema-Deinum 40 jier de tsjirketsjiensten op it orgel beglieden.

18-11-2012 Wie wer de jierlikse playbackshow.

05-01-2013 Waard foar in útferkocht Swaigat de Rockopera 'It swurd fan Damocles' opfierd.

04-02-2013 Giene de toulûkers nei Perth yn Skotlân, waarden 4e by de iepen clubkompetysje yn de 680 kilo en as landenteam yn dy klasse 2e.

23-02-2013 En de jonge toulûkers wolle net underdwaan foar de senioren: Sy wûnnen in 2e priis op it ynternasjonale toernooi yn Renswoude.

24-02-2013 Wie wer de Oerpolderloop. De hurdste Heidenskipsters wiene Jente Renema en Ida Hylkema.

It Heidenskip, 1 maart 2013

Peek Bonebakker-Kuipers